

[0251] 14. *M. Couperus* hat in ferske skreaun *Oon dy trog wiese jonge feynt Anders de Lange da hy iepentlyk diffendaerje soe* (1754D) yn de *Disputatio posterior de SS. Euangeliis ad apocryphos quosdam libros non accommodatis* (Franequerae, 1754) fan *Andreas de Lange, Flessinga Zelandus*. Mei help fan ús printe boarnen ¹⁾ ha wy de dichter gau to plak. Wy ha hjir to krijen mei Mollerus Couperus, berne yn 1736 yn Ljouwert as soan fan Abraham Couperus en syn twadde frou Gesina Hoppinga (troud to Himpens op 18 sept. 1735). De heit, Abraham Couperus, wie in soan fan de wergeaster doomny Petrus Couperus (skriuwer fan twa fryske oranje-fersen: 1733A en 1734A) en Gerarda Steindam, en wie doopt yn Wergea yn 1698; hy hie him yn Ljouwert nei wenjen set, dêr't er yn 1722 boarger waerd; hy wie mr. skuonmakker, siet yn 'e froedskip en hie ek noch oare funksjes. Syn soan Mollerus Couperus wurdt yn 1752 (of 1753?) ynskreaun yn it matrikel fan de frentsjerter akadeemje as *M. Couperus Leovardiensis frisius*. Op 15 april 1760 wurdt er proponint yn Ljouwert, op 17 july 1763 komt er as doomny yn Wûns-Ingwier, en op 23 oktober 1768 yn Parregea-Jislum-Greonterp. Hy trout op 17 sept. 1769 yn Parregea mei Wybrich Reins Bangma (berne yn Jislum, dochter fan Rein Baukes, ontfangen yn Jislum, en fan Gerbrig Eelkes Bangma), en op 2 okt. 1785, wer yn Parregea, mei Sytske Bangma (berne yn Wolsum, dochter fan Johannes Eelties Bangma, bysitter fan it gerjocht yn Wolsum, en fan Antie Hayes Tuinhout). Yn 1786 giet er (sonder frou en bern) as doomny nei Malakka, dêr't er op 12 april 1788 forstjert.

Tony Feitsma.

1) W. Wijnaendts van Resandt, *Het geslacht Couperus in Nederland van 1580 tot ongeveer 1830*, Rotterdam 1953; en Romein, *Naamlijst*, p. 318 en 396.